

# Op wei nei sûne gemeentefinânsjes

Krekt as in soad oare gemeenten hat Smellingêrlân it dreech om de begrutting rûn te krijen. Dêrom moat de gemeente in kar meitsje om de finânsjes sûn te hâlden. Dit rekket elkenien yn de gemeente.

De gemeenteried fynt it dêrom wichtich om hjir yn de lieding te nimmen. It giet nammetlik net allinnich om jild, mar ek om it effekt fan de te meitsje kar foar de maatskippij.

De begrutting fan Smellingêrlân giet oer fan alles; fan it ûnderhâld fan parken en diken oant sosjale regelingen foar ynwenners.

Omdat it tige yngewikkeld is en der gjin kar makke wurde moat dy't letter ferkeard útpakt, wurde der goed trochtochte stappen setten op wei nei in sûn finansjeel belied.

## Definityf beslút

Op 8 july nimt de gemeenteried it beslút. Dan wurdt dúdlik hokker finansjele kar der makke wurdt foar de kommende jierren.

05

## Oersicht opsjes

Op 1 april besprekt de gemeenteried it oersicht fan de wurkgroep. Op hokker wize en yn hokker rjochting wurde de stikken fierder útwurke?

03

## Fierder útwurkje

De wurkgroep giet fierder oan de slach sadat de gemeenteried yn steat is om in yngreven beslút te nimmen.

04

## Moasje ried

De gemeenteried beslút op 12 novimber unanym dat se liedend wêze wol by de te meitsjen kar. Der wurdt in wurkgroep ynsteld.

01

02

## Wurkgroep oan de slach

Riedsleden en ambtners meitsje in oersicht fan alle mooglike begruttingsûnderdielen wêr't in kar yn makke wurde kinne.

## Folgjende stap: 1 april

Op dit stuit meitsje de riedsleden en ambtners mei-inoar in oersicht fan alle begruttingsûnderdielen wêryn in finansjele kar makke wurde kin. Dat betsjut dat de wurkgroep no dwaande is mei stap 2 fan it hjirboppe beskreaune proses.

De folgjende stap is in earste besprekking yn de gemeenteried. Dit bart op 1 april. By de byienkomst wurdt it oersicht besprutsen en op hokker manier de wurkgroep dêrmei fierder kin.

Op 1 april wurdt der dus noch gjin ynhâldlike kar makke oer besparingen. It is wol in wichtich momint foar de wurkgroep om fan de gemeenteried te hearren op hokker manier se de folgjende stap yn it proses sette kin.

Sa gau as dit dúdlik is, kin de wurkgroep fierder oan de slach. De ferskillende mooglikheden wurde dan fierder útwurke. Op 8 july wurdt der in definityf beslút naam troch de gemeenteried.

### Gearkomste folgje

De fergadering fan 1 april begjint om 19.00 oere, is iepen foar publiek, mar ek online te folgjen. De folseine aginda en de livestream binne te finen fia:

[smallingerland.notubiz.nl](https://smallingerland.notubiz.nl)

Foar mear ynformaasje oer dit proses, mail nei:

[griffie@smallingerland.nl](mailto:griffie@smallingerland.nl)